

**SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde**

Rjochte oan DS / lid DS	Douwe Hoogland / Avine Fokkens
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p><b>Beliedsregel beskerming lânskipswearden</b></p> <p>De fraksjes fan de FNP en de PvdA hawwe grutte soarch oer de <i>beliedsregel kultuerhistoaryske en lânskiplike wearden</i><sup>1</sup>, dy't it kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan de gemeente Waadhoeke op 15 desimber 2020 fêststeld hat.</p> <p>It giet om de kenmerkjende kwelderwâlen, terpen en bolle perselen dy't yn it bestimmingsplan mei in dûbelbestimming strikt beskerme binne. Troch de boaiemdelgong binne maatregels nedich en ien dêrfan is in wetlike werferkaveling. It behâld en it fersterkjen fan de oanwêzige kultuerhistoaryske en lânskiplike wearden is, sa seit it kolleezje fan B&amp;W, in wichtich útgongspunt.</p> <p>Omdat yn guon situaasjes de belangen fan de boer mei dy lânskipswearden yn konflikt komme kinne, hat it kolleezje fan B&amp;W der foar keazen om mei de beliedsregel mear helderheid te bieden oer hoe't B&amp;W omgiet mei fergunningen foar yngrepen yn it lânskip. Dêrby is der njonken de gebieden dy't strikt beskerme bliuwe (A) no in nije kategory ynfierd fan gebieten dy't foar in part de hege kwaliteit ferlern hawwe (B) en dêr't no in minder strikte beskerming tapast wurdt.</p>
Fraach / fragen	<p>1. Yn it bestimmingsplan fan de gemeente Waadhoeke<sup>2</sup> binne yn artikel 43 de oanwiisde kwelderwâlen, terpen en bolle perselen strikt beskerme. Fynt it kolleezje fan DS ek dat mei it ynfieren fan in nije kategory B-gebieten (mei mindere beskerming yn de beliedsregel) it doel fan artikel 43 fan it bestimmingsplan ûndergroeven wurdt? Is de nije beliedsregel net yn striid mei it bestimmingsplan?</p> <p>Yn it antwurdbrief fan it kolleezje fan Deputearre Steaten fan 25 maaie 2020<sup>3</sup> hat it kolleezje skreaun dat it yn it foarste plak fan belang is dat de bestimmingsplannen in goede beskerming biede foar de lânskiplike en kultuerhistoaryske wearden. De provinsje hie ek sit yn de '<i>Maatwerkgroep</i>', in amtlike wurkgroep dy't de beliedsregel opsteld hat.</p> <p>2. Is it ynfieren fan in nije kategory B-gebieten mei mindere beskerming yn oerienstimming mei it provinsjale belied yn de Omjouwingsfyzje 'De romte diele' en de nota 'Grutsk op 'e romte'?<sup>4</sup> Kin it kolleezje dat útlizze? Yn it gefal it</p>

<sup>1</sup> Kolleezje fan B&W fan de gemeente Waadhoeke, '*Memo Gemeenteraad Gemeente Waadhoeke: beleidsregel cultuurhistorische en landschappelijke waarden c.a.*', mei bylagen, 15 desimber 2020;

<sup>2</sup> Bestimmingsplan '*Buitengebied 2013: Artikel 43 Waarde – Reliëf kwelderwal, terpen en kruinige percelen*';

<sup>3</sup> Kolleezje fan DS, '*Beäntwurding skriftlike fragen oer lânskipswearden Noardwest-Fryslân*', 25 maaie 2020; '*Skriftlike fragen fan de FNP oer lânskipswearden Noardwest-Fryslân*', 30 april 2020;

<sup>4</sup> Provinsje Fryslân, '*Omjouwingsfyzje De romte diele*', 23 septimber 2020; Provinsje Fryslân, '*Struktuerfyzje Grutsk op 'e romte*', 2014;

	<p>kolleezje tinkt dat it yn striid is mei it provinsjale belied, wat foar aksjes sil it kolleezje dan ûndernimme?</p> <p>Ien fan de redenen dy't neamd wurde yn de memo fan de gemeente foar in minder striktere beskerming fan de B-gebieten is dat de kwaliteit fan de lânskipsseleminaten dêr al oantaast is troch 'autonome natuerlike feroaringen en troch skaalfergrutting yn de lânbou'.</p> <p>3. Wat docht it kolleezje fan DS en wat dogge oare oerheden om de fermindering fan de kwaliteit fan lânskipswearden yn Noardwest-Fryslân tsjin te gean? Wurdt der hantavene op it yllegaal skansearjen fan eleminten? As dat it gefal is, hoe faak komt dat dan foar en wurde der werstelsanksjes oplein? As dat net sa is, wêrom net?</p> <p>Yn dizze fragen leit de fokus op de gemeente Waadhoeke, mar de werkaveling en de beskerming fan lânskipswearden spilet ek yn de gemeente Harns.</p> <p>4. Is it by it kolleezje fan DS bekend of B&amp;W fan Harns deselde beliedsregel ynfierd hawwe en in likens belied op it mêd fan de lânskipswearden tapasse as B&amp;W fan de gemeente Waadhoeke?</p>
--	--

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	FNP                      Wopke Veenstra
	PvdA                      Hetty Janssen

Datum	6 jannewaris 2021
-------	-------------------